De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside Treffer: Henk Bootsma

Jiergong 49 nûmer 3 **maart 2019**

Redaksje:	**Adres:**	**tillefoan:**
Tryntsje Bouma	Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert	
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444
Tjerk van der Pol	Geins 5, 8731 CR Wommels	06-40614250
Fakatuere		

Ynternetredaksje: Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:		**tillefoan:**	**funksje:**
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444	Foarsitter
Anneke Gaastra	Walperterwei 53 8731 CD Wommels	0515-332048	Skriuwer
Henk Postma	Stapertstrjitte 15, 8731 CA Wommels	06-51679033	Ponghâlder
Tjerk van der Pol	Geins 5, 8731 CR Wommels	06-40614250	Foarsitter jongerein
Syb Overal	Streek 30, 8734 GR Easterein	06-33030042	Wedstrydsekretaris
Anco Elgersma	Roordastrjitte 6, 8771 Nijland	06-39805090	Ledenadministraasje
Bauke de Boer	A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein	0515-332555	PR en Reklame
Jaap Toering	Perk 1, 8731 AJ Wommels		Sen./Technyske saken
Marco Groothof	Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein	06-10562399	Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje:	**funksje:**
Tjerk van der Pol	Foarsitter
Marjo Groothof	Algemien lid
Lize Schuurmans	Algemien lid
Lourens van der Pol	Algemien lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Willem Wijnia
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Henk Postma
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> Syb Overal
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Anco Elgersma
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Anneke Gaastra
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Willem Wijnia
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Tjerk van der Pol
Accommodatie@vv-sds.nl	=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en webside
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Enne Bruinsma	Algemien lid

Wedstrydsekretariaat
Senioaren, seal en de jeugd:
Syb Overal,Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:
Dennis Vinke

Akkomodaasje:
Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:		**tillefoan:**
Andries Stuiver	A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872

Fersoarging materialen:
Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:
Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Aktiviteitenkommisje:
Wa mar wol!

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:		**Tillefoan:**
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	……
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrjitte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2019) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.
By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun. Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.
Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.
In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.
Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, “de Treffer”, fergees tastjoerd, jo komme op it ‘Freonenboerd’ en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden,** aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **“oan-/ôfmelde”**.
Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.
By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle
Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)
Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.
By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

2 juny 2019

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan ‘e redaksjeleden.
Leafst oer de E-mail.
E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan it bestjoer

It wol noch net echt slagje mei it maaitiidswaar, mar hjir is dan wol de ‘maaitiidsTreffer’.
Wy binne mei SDS al wer drok dwaande om foarút te sjen nei folgend seizoen en binne dwaande mei de nije teamyndielingen. Sa geane wy foar 5 senioarenteams by de manlju, sadat elkenien safolle mooglik oan fuotbaljen ta komt. De trend by oare ferieningen liket wolris dat der wedstriden gau ôflast wurde by te min spilers. By SDS wolle wy graach dat elkenien dy ‘t lid is sa faak mooglik fuotballet en dat der gjin wedstriden ôflast hoefe te wurden om te min spilers. Je witte fier fantefoaren dat je fuotbalje moatte en wy moatte der mei syn allen foar stean dat der fuotballe wurdt. In soad frijwilligers meitsje it mei mooglik dat der fuotbald wurde kin en der is net minder dan dat it ôflast wurdt om ‘t in team te min hat. Stean der dus foar mei syn allen!
Forza SDS!

(WW)

Oan it wurd: Douwe Posthuma	Wurdt SDS Vr.1 noch kampioen?!	SDS-tas foar mar 15 euries!
side 6	**side 13**	**side 32**

Ynhâld

Fan it bestjoer 3
Fan de jeugdkommisje 5
Oan it wurd: Douwe Posthuma 6
Wurdt SDS Dames 1 noch kampioen? 9
In fruitmandsje bringe by Wiebe Vellenga 10
Noppen & Naaldhakken: Geeske Strubbe-Yntema 11
Habtamu's sjoch 13
Klaverjassen op de SDS-nijjierssit 15
Nieuwe competitie voor de JO19 16
Oan it wurd: Sytze Kooistra 17
SDS Look-a-likes(23) 19
Hite nútsjes 20
SDS-Klean 22
Persoanlik; Zenn Hoitenga 23
Kees'Kollum: Pyt, Willem en Ajax 25
SDP 26
SDS en GEKE 27
In fruitmandsje bringe by Lysanne Wiersma 28
De fjirde man 29
It ljocht op in sposer: Staantribune/ SDS-tas foar mar €15,- 32
Ut de âlde doaze 33
Doelpuntenmakkers 2018-2019 34
Mei de bus nei Willemsoord 1 – SDS 1 op 20 april 35
SDS op Kom nei Wommels op snein 26 maaie 35
Aginda 36
Oan-ôfmelde foar seizoen 2019-2010 36

Fan de jeugdkommisje

Er staan spannende weken op het programma voor de technische en jeugdcommissie van ons geliefde clubje. De samenwerking met Nijland wordt langzaam maar zeker uitgebreid. Het wederzijdse respect is groot en de resultaten van de samenwerking bieden hoop voor de toekomst. We gaan verder met het aanbieden van gezamenlijke activiteiten. De slotavond voor de jeugd tot en met de mo13 wordt samen georganiseerd. Zet vrijdag 24 mei alvast in je agenda, dit wil je niet missen. Het zal anders, nog spectaculairder, worden dan we de afgelopen jaren gewend zijn. Ook worden de scholen van zowel Ysbrechtum als Nijland uitgenodigd voor het schoolvoetbaltoernooi op 15 mei. We willen uiteraard dat de kids in de omgeving van Nijland uitgedaagd worden om in eigen regio bij een echte dorpsclub te blijven voetballen. Uiteindelijk profiteert vv SDS hier ook weer van.

Inmiddels is de technische commissie jeugd (TCJ) actief om voor volgend jaar de teams zo goed mogelijk in te delen. Een uitdagende klus! Volgend jaar zijn er meer samenwerkende teams, die bestaan uit Nijland en SDS spelers. Voor leiders, trainers en ouders zal dit wennen zijn, want trainingen en wedstrijden gaan ook in Nijland plaats vinden en dus wordt er meer tussen de dorpen heen en weer gereisd. We willen aan elk samenwerkend team leiders van beide verenigingen koppelen en meerdere spelers per club. Dit kan betekenen dat het uitgangspunt, sterkste spelers in de standaardteams, kan worden losgelaten, plezier gaat hier voor prestatie, maar plezier beïnvloedt prestaties altijd positief, dus is het maar net hoe je er naar kijkt.

Lieuwe Vriesema en Wesley Hoitinga zijn aan de TCJ toegevoegd. Lieuwe voor de jo11 en 12 en Wesley voor alles wat daar onder zit. Robert bedient de jo13 en 15 en Douwe Dirk is verantwoordelijk voor de indelingen van de jo17 én in overleg met de TC senioren, de jo19. Akke Rixt is aanspreekpunt voor de meisjes en damesteams binnen SDS.

De technische commissie zal zijn oor te luister leggen bij de leiders en andersom zijn leiders altijd welkom om hun visie over indelingen voor volgend jaar te delen met de commissieleden. Hiervoor is de zaterdagochtend uitermate geschikt. Blijf na de wedstrijd even in de bestuurskamer hangen. Ontmoet elkaar! Daaruit ontstaan altijd goede dingen. Ook ouders zijn welkom hun wensen kenbaar te maken. De bestuurskamer is geen gesloten ruimte. Iedereen is welkom daar op zaterdag ochtend.

Hoewel volledige openheid nog wel eens een uitdaging is, ik ben de laatste die zal beweren dat we de zaken altijd goed communiceren, streven we hier wel naar. Gaan de zaken toch niet zoals ze zouden moeten, zeg dat tegen degene die daar verantwoordelijk voor is. Iedereen doet zijn best en probeert in zijn vrije tijd het beste voor de club en zijn leden eruit te halen. Soms botsten die belangen wel eens, we zijn ook mens vanzelf, maar wees welkom om de club vooruit te helpen.

Namens TCJ en JC, Tjerk van der Pol

Oan it wurd: Douwe Posthuma

Sûnt dit seizoen is Douwe Posthuma trainer fan SDS 1. Tiid om him ris oan de tosk te fielen wa ’t hy is en hoe ’t hy it hjir by SDS fynt en sa.

Soesto dy yn it koart foarstelle kinne?
Ik bin 42 jier âld en ik wenje yn Witmarsum mei myn frou Marianne en myn bern Yfke (8) en Bowe (5). Ik bin dosint Ingelsk oan it Bogerman yn Snits, mar foardat wurke ik oan it Bogerman yn Wommels. Ik waard berne en grutbrocht yn Folsgeare en bin de jongste fan seis bern.

Do hast sels ek jierren fuotballe en ek wol de nedige goals makke tocht ik sa.
Doelpunten meitsje en tariede, dat bliuwt dochs it moaiste dat r is. Ik seach it as myn taak om doelpunten te meitsjen en as dat net slagge, wie ik net te genietsjen. Yn sechstjin seizoenen by Nylan 1 makke ik neffens de gelearden176 doelpunten yn kompetytsje ferbân. Doe't ik nei MKV gie wie ik al wat âlder, mar dêr ha ik noch efkes kinne genietsje fan myn lêste jierren as spiler. Ik skoorde dêr 62 kear yn rom twa seizoenen en doe wie it moai west.

By welke klups hasto allegear trainer west?
Doe ik santjin jier wie begûn ik as lieder en trainer by vv Nijlân fan ferskate jeugdteams oant ik nei MKV '29 yn Ljouwert gie om dêr te spyljen. Dêr haw ik de A1 traind en yn 'e winterstop waard ik ek haadtrainer fan SC Creil. De trainer waard dêr ûntslein en myn sweager, dy’t ek hoofdsponsor wie, frege my oft ik oernimme woe. It wie in kâns om haadtrainer te wurden en dat like my wol wat. Nei ien en in heal seizoen frege vv Nijlân my om haadtrainer te wurden en dat wie in moaie stap omheech by myn âlde klub. nei fiif seizoenen by vv Nijland fûn ik it tiid foar in nije útdaging en doe't Willem belle út namme fan SDS, wiene wy der fluch út.

Fan welke trainer hasto it meast leard?
Fan Lykle Bleekveld as trainer en fan Johan Wijnsma as dosint op de trainerscursus. Lykle pakt alles enoarm serieus, en goed taret oan, dy manier fan wurkjen hat my de eagen wol iepene. Lykle en Johan hawwe myn ideeën oer it trainerschap it meast beynfloede.

Op welke trainer yn it betelle fuotbal likesto it meast of hasto it meast mei?
In fergeliking is lestich, mar ik ha wol wat mei Diego Simeone fan Atletico Madrid.

Tusken SDS en Nijland wie altiten wol wat in derbysfeer. Hasto no ek it gefoel dat troch dasto fan Nijland nei SDS gien bist dasto sis mar fan sc Cambuur nei sc Heerenveen gien bist?
Nee, dat gefoel ha ik net hân, al wit ik net hoe oaren dêr by Nijland oer tinke, haha. It is wol in derby, mar net op in ferfelende manier. Yn it fjild kin it der hurd oan ta gean, mar nei de tiid is it altyd gesellich.

Wat foar ferskillen merkst tusken SDS en Nijland?
SDS is benamen in gruttere club dan Nijland. De sfear is vergelijkbaar, want it binne beide gesellige en grutske ferieningen, wêr elkenien elkoar kent. Tidens it nijierstoernoai kinst sjen hoe grut SDS eins is, soks hest by Nijlan net.

It fuotbal wasto foarstiest wurdt noch wolris útlein as tige ferdedigend. Wat fynsto dêr fan?
Dêr kin ik my net yn fine, want myn manier fan spyljen hinget ôf fan de kwaliteit en de kwaliteiten fan it team. De manier van spyljen is ek altyd in gearwurking tusken my as trainer, de begelieding en de bepalende spilers. Wol stek ik in soad tiid yn it ferdedigende diel, want elk suksesfol team is boud op in sterke definsje.

Do hast 5 jier trainer west by vv Nijland. Sjochsto dy ek sa lang by SDS trainer wêzen?
De intentie fan my en it bestjoer is in gearwuring foar in langere perioade. Wy wolle beide fierder boue oan in SDS 1, dat wer om de prizen spylje kin yn de 3e klasse.

SDS 1 komt dreech ta skoren. Wat is neffens dy dêr de reden fan?
It ûntbrekt SDS al jierren oan oanfallers dy per seizoen 15 of mear doelpunten meitsje. Do bist as team dochs altyd ôfhinklik fan dat soart spilers. Dochs sjoch ik it noch wol goedkomen dit seizoen en yn de takomst. Hendrik de Jong, Erik Haitsma en Jelmer Posthumus binne geroutineerde en goede oanfallers. Habtamu de Hoop, Lourens van der Pol en Matthijs Postma binne noch jong, mar hawwe in soad talint en kinne doelpunten meitsje. Dêr efter stome wy de jonge talinten Steven van der Pol en Stan Korbach klear foar SDS 1.

Hoe sjochsto de takomst foar SDS?
SDS hat in gouden takomst, mar dat moat elkenien by de klup ek ynsjen. De jongerein hat de takomst en SDS rint oer fan talint, mar dat allinne is net foldwaande. In klup mei sa’n soad mooglikheden mei ambisjeus wêze, mar der binne mear minsken nedich om dit goed foarm te jaan tink ik.

By de jeugd wurdt der hieltiten mear gearwurke mei vv Nijland. Soenen Nijland en SDS ea ris fusere?

In fúzje sil net sa fluch barre tink ik. De eigen identiteit fan in is hiel wichtich en Nijland is in grutske club. Ik tink net dat ik dat noch mei gean meitsjen yn elk gefal.

Hoe soesto de seleksje fan SDS 1 typere?
It is in ambisjeuze en dreaun seleksje, dy ‘t serieus mei fuotbal dwaande is. De sfear is ek goed, want de spilers binne hast allegearre freonen fan elkoar.

Wêr sjochsto foar SDS noch wol ferbettering?
It team hat benammen noch wat tiid nedich, sadat spilers yndifidueel groeie kinne. It team is jong en de measte spilers binne noch lang net op har top.

Wat fynsto der fan dat Jaap Toering ‘Technysk Direkteur’ wurden is by SDS?
Jaap liket my in prima kar foar dizze funksje. Jaap is ien fan de oanfierders fan SDS en hy is hiel fanatyk dwaande mei SDS 1 en de takomst fan de klup. As ik syn ideeën hear, dan bin ik hiel bliid dat hy TC is wurden.

Wat is dyn foarsizzing foar de 3e-Klasse A? Wolvega kampioen en fierder?
Wolvegea is in geweldige ploech en fiersten te goed foar de 3e klasse. Ik ha selden sa’n team sjoen op dit nivo en hja wurde de terechte kampioen. Nei Wolvegea is Heerenveense Boys it bêste team en sy pakke de twadde plak, wêrnei hja fia de neikompetysje omheech gean.
Oeverzwaluwen, Skearnegoutum en Warkum stride om in plak yn de neikompetysje, mar hja binne yn myn eagen net sterk genôch foar promoasje. Underyn meitsje NOK en De Walde út wa at der degraderen giet en Willemsoord of Oudehaske sil ek neikompetysje spylje moatte.

En SDS dan mar meidwaan om de 3e Perioade tocht ik sa! Tige by tige!

Wurdt SDS Dames 1 noch kampioen?

Yn 2019 sjocht dames 1 elkoar wer mei in itentsje yn Ljouwert. Mei elkoar út iten en dernei noch op stap begjinne wij de 2e seizoenshelte op in leuke manier. Op 2 febrewaris starten wy mei ús earste wedstriid fan 2019 tsjin St. Annaparochie. Yn it kâlde waar fuotbalje wy yn ús nije wedstriidshirts, sponserd troch SLOT-funderingstechnieken. St. Annaparochie stiet op dat momint ûnderoan en wyj stean 3e. Wij winne dizze wedstriid mei 3-1, in goeie start fan de twadde seizoenshelte! De wiken der op spylje wy wer tsjin St. Annaparochie en tsjin Mulier. Beide wedstriiden winne wij mei grutte útslagen: 1-7 tsjin St. Annaparochie en 9-0 tsjin Mulier. Wij stean dan wer boppenoan!

Yn ús kompetysje hawwe 4 klups kâns op it kampioenskip, dit binne Bitgum, AVC, GAVC en SDS. Wy hawwe no noch 7 wedstriden te gean en it kin noch alle kanten op. De spannende wedstriiden dy't wy noch balje moatte binne dan ek noch tsjin ús lykweardiche tsjinstanners AVC, GAVC en Bitgum mar wij moatte fansels ek nog fan ús oare tsjinstanners winne en gjin punten lizze litte. Wy hawwe dus noch alle kâns om dit seizoen ôf te sluten mei in kampioenskip!

Lysanne Wiersma

SDS Vr.1 hat nije sjurts mei dêr op de nije sjurtstiper SLOT-funderingstechnieken.

In fruitmandsje bringe by Wiebe Vellenga

Wiebe Vellenga fuotballet by SDS 2, mar wy hawwe him dit seizoen noch net faak yn aksje sjoen. Wat is der oan de hân?

Wêr hast presys lêst fan?
Ik ha myn foarste krüsbân hielendal ôfskuord.

Hoe hast dat sa krigen?
Yn oktober wie ik lekker oan ‘t trenen, doe’t ik in bal oanspile kryg. Ik soe doe iepen draaie mar jammer genôch draaide myn hiele lichem behalve myn rjochter knibbel…

Fernaamdest lyk dat it mis wie?
Doe’t barde sei ik earst al oan’t nije wike tiisdei, dan bin ik der wol wer. Mar no is it maart en sjocht it der net nei út dat ik oait wer fuotbalje sil.

Hoe giet it mei dyn herstel?
Op sich giet it herstel goed, ik gean twa kear yn’e wike nei de fysio en ha ynkoarten wer in ôfspraak mei de orthopeed. Mei him sil ik oerlizze at ik in operaasje doch as net. Op dit momint giet it goed, ik gean net mear troch myn knibbel hinne en kin gewoan op stap sûnder dat ik der lêst fan ha.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?
De gesellichheid op de tiisdei, tongersdei en sneon. It is altyd hearlijk om efkes op it fuotbalfjild te drafen nei een dei wurkjen. Lokkich kin ik altiid noch wol de tredde helte mei dwaan op sneon.

Tinkst dasto dit seizoen noch fuotbalje kinst?
Ik bin bang dat ik hielendal net mear fuotbalje kin, ik ha op it stuit gjin nocht om in operaasje oan te gean. Ik kin no goed troch it libben stappe sûnder foarste krüsbân, en wol net efterút gean troch in operaasje.

Hoe giet it eins mei dyn gamekarrière?
Op it stuit bin ik mear mei myn bioprocess engineering karrière dwaande. Ik bin drok mei it ôfstudearjen yn Grins. Fyn it hartstikke leuk mar it kostet wol in soad tiid, derom stiet de gamekarrière een bytsje stil.

Wiebe, in protte sukses mei dyn herstel en dyn stúdsje!
Dochs hoopje wy dy ea ek wer op it fjild te sjen!

(WW)

Noppen en Naaldhakken

Oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken

Geeske Strubbe-Yntema

Geeske fuotballet al in soad jierren bij SDS, mar de lêste tiid wat minder. Wy heare graach fan har hoe dat komt en giene del mei in fruitmandsje.

Geeske, foar wa't dy noch net kin. Wolst earst wat oer dysels fertelle?
Seker, myn namme is dus Geeske. Tegearre mei Bram wenje ik yn Wommels. Mei in soad wille wurkje ik as learkrêft fan groep 1 en 2 op 'e St. Mattheusskoalle yn Joure. Derneist is sjonge mei vocaal kwartet Qlassy ien fan myn grutste hobby's. Tegearre mei de froulju fan Qlassy trede we sa no en dan op.

Do bist ien fan 'de earste seleksje froulju', hoelang fuotballest al bij SDS?
Neffens my ha we doe noch in famkesteam yn 2006 opset. Myn earste kompetysje wedstryd ha ik dan yn 2007 spile. Dus dat is sa'n dik 12 jier…

Do bist degene dy 't in protte feroaringen binnen it frouljusfuotbal mei makke hat? Hast dêr in protte fan meikrigen as wie it gewoan lekker fuotbaljen? Fansels ha ik dat wol erfaren. We binne mei de jierren groeit, we hawwe it nivo omheech krigen. Dêrneist wiene de feroaringen foaral; nije teamgenoaten, freondinnen en wy hawwe hiel wat koaches fersliten.

Op hokker posysje stiest? En hoe dogge jim it yn 'e kompetysje?
Meastentiids stean ik rjochtsefter of rjochtsheal. Mar krekt wat de gearstelling is. We dogge it hartstikke goed en steane 1e yn 'e kompetysje. Grutsk op de froulju!

Want do spilest al efkes net mei… lêst fan in blessuere, wat no?
Ja spitich. Sûnt novimber ha ik in blessure oan myn knibbel. Ik ha te lang en te faak mei pine yn myn hamstring omrûn. No blykt dit efternei út myn knibbel te kommen.

Rinst ek by de fysio?
Ja, al foar in lange tiid. Sûnt koart rin ik fia-fia by in bekinde, dit befalt my hiel goed. No fiel ik ek einlings ferbettering.

Wanneer tinkst dast wer fuotbalje kinst?
Dat is ôfwachtsje. Ik merk dus wol dat it better wurdt, mar dat giet mei lytse stapkes. Ik bin twa kear te betiid begûn mei sporten. Hjir ha ik in protte fan leard….

Dochst neist fuotbal ek noch oan oare sporten?
Ja, ik draaf al in pear jier hurd tegearre mei freondinnen út Wommels. Dit 'gesellige' drafen motivearret goed om myn kondysje tusken de stops troch te behâlden!

Bist neist sels fuotbalje ek supporter fan in klup?
Té min. Dit mei sa wolris wat faker, mar fanwege it koarte wykein kom ik dêr te min oan ta.

Wolst noch wat kwyt?
Jawol. Nei 12 geweldige jierren ha ik beslúten in stapke werom te dwaan. Ik hingje myn fuotbalskuonnen noch net yn 'e wilchen, mar kwa tiid kin ik it momenteel net opbringe om my foar 100% yn te setten foar it team. Dus nim ik wat mear ôfstân fan VR1. Ik hoop hjirtroch wat mear frije tiid te krijen. Sadat ik wat mear tiid ha foar myn freonen en famylje.
De froulju wer ik no noch mei fuotbalje bin ik hiel tankber foar de ôfrûne té gekke fuotbaljjierren.

Geeske, do tige tank foar dyn ynset by de froulju fan SDS. Wy hoopje dast snel wer herstelst en hooplik sjogge wy dy nochris yn en om de Skoalleseize.
It giet dy goed!
(TB)

Habtamu’s sjoch

Minnertsga-SDS (0-0):
It probleem fan de ôfrûne periode kaam al yn’e earste wedstryd tsjin Minnertsgea nei boppe: it meitsjen fan goals! Want yn Minnertsgea waard poerbest foutballe. Yn it earst kertier hie de wedstriid al klear wêzemoatte wêzen, kansen foar Lourens, Jelmer en Frank hienen mear fertsjinne. En by de ienige bal die wol tsjin it net gong, stie Jelmer bûtenspul. Nei dit kertier foel Lourens van der Pol út en Steven van der Pol yn. Die soarge yn’e rin fan de wedstriid ek foar it nedige gefaar, mar helaas foar SDS slagge it ek Steven net om te skoren. Yn’e slotfase wienen der ek noch kansen foar Marco, Gerwin en Pieter, mar it mocht net sa wêze. Gjin doelpunten yn Minnertsgea mar wol in prima optreden fan SDS.

SDS-Oeverzaluwen (0-2):
Tsjin de ‘’Sweltsjes’’ moast SDS it dwaan sunder captain Marco Rypkema en naam Steven it plak yn fan Lourens. Undanks de hurde tsjinwyn krige SDS de grutste kansen yn’e earste helte Steven omspile de keeper, mar waard noch ynhelle troch in ferdediger fan Oeverzwaluwen. En letter waard hij ek nochris festhâlden yn’e 16, mar de skiedsrjochter doarde de bal net op de stip te lizzen. De twadde helte waard it in oar spultsje en soargen de kounters fan Oeverzwaluwen foar in soad gefaar. It oanfallende trio fan harren Van der Pal, Haitema en Feenstra is misschien ek wol it sterkste fan de kompetysje (en dan missen de Koudemers topspits Peterson ek nochris). Sa kaam Oeverzwaluwen ek in bytsje gelokkich op 0-1. SDS gie mei man en macht op syk nei de 1-1, oan ynset gjin gebrek. Mar krige yn de leste 5 minuten it deksel op’e noas troch wol in hiele moaie goal fan Steffan Haijtema: 0-2.

Wolvega-SDS 4-0:
Op besyk by Wolvega is yn it foarútsjoch, net in wedstryd om bliid fan te wurden. Mar de oansteande kampioen ferlear tsjin Heerenveense Boys en DWP 4 punten en hie te krijen mei een dipje. Dus licht optimistysk gie SDS nei Wolvegea ta. Allinich waard nei trije minuten al dúdlijk dat it gjin leuke middei wurde soe foar SDS. Der waard gekonsentreard ferdedigd mar de reststân fan 2-0 wie terjochte en ek yn de twadde helte kaam SDS der net oan te pas. De 3-0 fan Wolvega wie dubieus, Tsjerk van der Pol flagge foar bûtenspul mar waard ûnterjochte negeard troch de skiedsrjochter. Koart dernei waard it 4-0 foar Wolvega. En yn de leste minuut mocht harren keeper ek nog syn hantsjes tichtknipe, Matthijs Postma koe foar leech goal ynsjitte toen hij belemmere

waard troch de keeper fan Wolvega. Gjin reade kaart neffens de skiedsrjochter. Al mei al in frustrearende middei sûnder punten.

SDS-Twijzel SC (1-3):
In geweldige jûn foar SC Twijzel, in grutte teloarstelling foar SDS. Foar de wedstriid waard der yn'e klaaikleamer op hammere dat it belangryk wie om goed te begjinnen, mar nei 7 minuten wie it al 0-2. Twijzel wie feller en alles slagge bij harren. Nei 20 minuten waard SDS de bettere ploech en foar rust wienen der ek al grutte kansen, mar sa as wol faker dit seizoen, gjin goals. Yn'e twadde helte wie de start wol goed en yn de 46^{e} minuut stie it dan ek al 1-2, mar 1 minút letter wie it helaas alwer 1-3. Dochs waard der yn de twadde helte mei in soad pressie en striid foutballe troch SDS . Helaas waard de oansluttingstreffer net mear makke en giet Twijzel nei de folgende ronde.

Heeg-SDS 1-1
Nei twa nederlagen efter elkoar, wie de wedstryd tsjin Heeg op papier in krusjale pot. By winst kin je wer omheech sjen, by ferlies moatte je je misskien soargen meitsje oer in spannend ein fan de kompetysje. Mar sa as wol faker dit jier kaam SDS wer betiid mei 1-0 efter. Op it minne fjild, waard it in fysiek gefecht en dat is mear de kracht fan Heeg as fan SDS. Steven van der Pol foel nei 15 minuten út wêrtroch Hendrik de Jong yn it fjild kaam. De twadde helte naam SDS meer inisjatyf en kaam Heeg mei 10 man te stean neidat Frank Bervoets underút skoffelt waard troch in hokkeling ut Heeg. Douwe Posthuma naam risiko troch Erik Haitsma en Marco Rijpkema foaryn del te setten en sa waard it pompe of fersûpe. Yn de leste minút kaam dan eindelijk it gelok, wat SDS noch net hân hie yn 2019. Nei in prachtige aksje fan Matthijs Postma, waard de foarset fan dezelde Matthijs troch in spiler fan Heeg it eigen doel yn wurke. En sa pakt SDS dochs noch in puntsje yn Heeg

Opmerkelijk:

- *De foarspelling oer de patatfirma JKH en LvdP liket wurkelijkheid te wurden, ek Lourens hat zich yn de transferperiode oanslúten by de Familie Wiersma. Wy binne benijd nei de takomstige namme fan Bonne syn Patatzaak!*
- *Frank Bervoets en Steven van der Pol skoarden yn de oefenwedstryd tsjin QVC beiden harren earste goal foar SDS 1.*
- *Jelmer Posthumus hat him yn'e winterstop wer oanslúten by SDS 1 en spile tsjin Minnertsgea syn earste wedstriid fan it seizoen*
- *Lourens foel yn dezefde wedstriid út mei in ''blessa'' oan syn ankel, en kaam yn febrewaris hjirtroch net meer oan spyljen ta.*

- *Erik Haitsma pakte foar it earst yn 3 edysjes gjin reade kaart tsjin Oeverzwaluwen!*
- *Untertekende syn fakansje yn Ethiopië befoel sa goed dat hij der alles oan die om Wolvega-út ek te missen*
- *Yward Zijlstra makke yn Wolvega syn kompetysjedebuut foar SDS 1*
- *Tjerk van der Pol krige nei de wedstryd fan de skiedsrjochter te hjearren dat hij it dochs wol by it rjochte ein hie*
- *Ek yn Heeg wie der in grinsrjochter die net bliid wie mei de skiedsrjochter, dizze kear net Tsjerk mei dy fan de Heegsters sels. Floris soarge foar frede.*

It wurd wer ris tiid foar in oerwinning fan it 1e. As ik dit skriuw stean de wedstriden tsjin Oudehaske en Skearnegoutum op'e aginda. Hopelijk is de earste 3-punter fan 2019 al behelle as jim dit lêze!

Habtamu de Hoop

Klaverjassen op de SDS-nijjierssit

Mar leafst 5 tafels sieten fol by it klaverjassen op de SDS-nijjierssit op sneon 6 jannewaris. Dat betsjutte dat der mar leafst 20 minsken meidienen. Willem Rienstra wie de tûkste mei 4392 punten en gie mei in rollade nei hûs lykas nûmer 2, Anny Sjaarda en nûmer 3, Popko Wijnia. By de earste 10 siet net ien Hofstra wylst der 3 meidienen (Gerlof-Jan, Aant en Hessel). Eeltje Postma wûn fan sawol syn heit Pyt as fan omke Wouter, dus syn jier kin no al net mear stikken. By de top 4 sieten allinnich mar 60-plussers, dus dat moat folgend jier oars. Douwe-Dirk en Anna-Marie Wijnia waarden troch it lot 3 kear oanelkoar bûn. Neffens ús winne je noch earder de Staatsloterij.
Mei tank oan Meinte Wesselius en Popko Wijnia!

Nieuwe competitie voor de JO19

De winter is voorbij en dat betekent dat er weer gevoetbald kan worden. Omdat de KNVB de 1e klas heeft opgedeeld in twee halve competities, betekent dat onder andere de JO19-1 in een nieuwe competitie is beland en dus weer met een schone lei kan beginnen.
Na een tegenvallend eerste half jaar is de JO19-1 van SDS het tweede half jaar ingedeeld bij de zogeheten lage 1e klas. Dit betekent dat de laagst geëindigde teams uit de eerste halfjaarscompetitie bij elkaar in een competitie worden gezet. In deze competitie zitten maar 6 ploegen. Alle ploegen spelen hierdoor alsnog twee keer in het half jaar tegen elkaar. Het is een beetje een gekke opzet die meer op een zaalcompetitiepoule lijkt. Helaas heeft de JO19-1 het niet tot de hoge 1e klas kunnen schoppen, waardoor het de toppers tegen onder andere Bolsward en Workum moet missen (beide teams wisten het tot de hoge 1e klas te schoppen). Er staan ook veel wedstrijdvrije zaterdagen op het programma, zo had de ploeg na de eerste competitiewedstrijd 3 weken rust. Gelukkig zijn er altijd ploegen waartegen geoefend kan worden, hier zal dan ook vast gebruik van gemaakt worden.
Een voordeel van de nieuwe competitie is dat de ploeg van Pieter de Boer en Henk Mulder weer geheel opnieuw kan beginnen, dit moet toch lekker zijn aangezien het eerste halfjaar erg tegenviel. Het team kan nu eindelijk eens laten zien hoe goed ze eigenlijk wel niet kunnen voetballen. De JO19-1 neemt het in de nieuwe competitie op tegen FVC, Berlikum, Makkum St. Annaparochie en MKV. In de nieuwe competitie lijken er kansen te liggen op een eventueel kampioenschap. Om dit te bereiken moet er echter wel veel constanter gespeeld worden. In het eerste halfjaar is er te veel onnodig puntverlies geleden en om echt mee te doen om het kampioenschap kan dat niet meer gebeuren.
Het zal voor de JO19-1 een zware kluif worden nadat het de tweede competitiewedstrijd tegen St. Annaparochie zeer onnodig met 4-1 verloor. Ondanks deze afstraffing houdt het team hoop. De ploeg heeft nog alles in eigen hand en heeft kwaliteit genoeg. Dit moet ze dan alleen wel elke week laten zien.

Steven Vellinga

Oan it wurd; Sytze Kooistra

Sytze Kooistra (senior wol te ferstean) sil stopje mei it skjinmeitsjen fan de boksen. Hy hat dit sa'n 12 jier dien en is noch hieltyd in belutsen man by de Skoalleseize. Wy wienen benijd hoe hy tsjin dit frijwilligerswurk oansjocht en giene op 'e tee by him en syn frou Thea.

Hoelang bin jo al belutsen by de Skoalleseize?

Wannear Stifting de Skoalleseize krekt oprjochten is, wit ik sakrekt net. Doe ik 65 jier waard en mei pensjoen gie, hie ik wat mear tiid. Ik makke doe de kantine skjin, mei ûnder oare Tinus Hoekstra, Harm Bergsma en Oeltsje Eisma. Dy âlde kantine, in protte fan de SDS-ers witte hast net mear hoe 't dy derút sjocht. We ha dêr in moaie tiid hân en it ek nei it sin hân doe 't we dy sloopten.

De 'nije kantine' sil der al sa'n 12 jier stean. Doe waard Hans foarsitter en frege hy my te helpen. Fansels wie ik ek wat faker de klos, dan belle hy my wer ''hat heit ek wat te dwaan?''. Dan waard ik wer oproppen om te helpen yn 'e kantine en brocht ik de tee rûn foar yn 'e rust fan 'e fuotbalwedstriden.

Dêrneist meitsje ik twa kear yn'e wike, op moandei en freeds de boksen skjin. Der bin der yn de jierren hieltiid mear by kaam. Ik bin ferantwurdelijk foar boks 1 t/m 6. En Andries docht de 'frouljusboksen'. No't der froulju fuotbalje by SDS, bin we dêr ek wat bewuster mei omgien. Ik ha wolris in fanke oantroffen dy har noch oan it omklaaien wie, dy wie wat letter en soe de twadde helte alinne mei dwaan. Sa probearje we no faaks dat in frou de tee by de froulju bringt en by de mannen in man.

SDS en de Skoalleseize wurkje in protte mei elkoar. Wat is jo ferbining mei SDS?

Wy kamen fan Zaandam nei Easterein. Thea is hjir berne en seach yn 'e krante, yn 'e Tillegraaf, dat der in bouw-plan lei yn Easterein. Sy hat lyk de tillefoan pakt en sadwaande binne wy hjir bedarre. Ik wurke yn dy tiid yn Den Helder en kwa ôfstaan makke it net sa folle út.

Doe 't wy yn Easterein kamen te wenjen, bin wy frij snel belutsen by de fuotbalklup. Jaap, ús âldste soan, gie al op fuotbal. Jaap hat lang yn it 3^{e} fuotballe en doe waard Thea waskfrou fan dat team. Der blykten oare teams ek net sels waskje te kinnen en al snel krige se de klean fan it 1^{e} en 2^{e} der ek by.

Sy docht dit al 35 jier, noch altyd mei wille. *Mar foar Sytze is it no ek wolris klear*. De hiele garaazje leit en hinget fol mei al it fuotbalguod.
Neist Jaap sieten ús oare soannen ek op fuotbal. Sa hat Nico jierren lang keeper west fan de A's. En ús dochter Gida hat ek in skoft frijwilliger west by SDS, as skriuwster. Neist ús bern haw ek in protte lytsbêrn fuotballe by SDS. Dan mei ik graach komme te sjen. Op dit stuit is Inne as ienigste noch aktyf by SDS.

"It is sa hiel belangryk, sa hâlde je bining mei it doarp"

Hoe komt it no mei de boksen no't jo stopje?
In skjinmakbedriuw, Vlietstra, sil it oernimme. Mar ik stopje net hielendal hear. Op moandeis de kantine opromje en skjinmeitsje heart der noch hieltiid by. Dan sette we lyk de stuollen wer klear foar it jeugdkorps dy 't jûns komt. Neist it wurkjen, is it benammen hiel gesellich. Wy mannen (Theo Jelsma, Geert Dijkstra, ensfh.) prate efkes by oer it wykein, heare wat der geande is yn it doarp. Foaral dat lêste heare we fansels fan Lolke Bouma, dy is fan alles op ' e hichte.

Jim bin beide in protte belutsen, wat geweldich sokke frijwilligers. Ik hoopje dat der mear minsken in foarbyld oan jim nimme.
Dat hoopje wy ek. It wurdt wat lestiger, omdat in protte minsken drok binne. Mar it is sa hiel belangryk, sa hâlde je bining mei it doarp.

Tige tank foar jim ynset en tiid yn en rûndom SDS en de Skoalleseize. (TB)

Sjoch foar al it aktuele SDS-nijs elke dei op www.vv-sds.nl!

SDS -Look-a-likes(23)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei **DeTreffer@vv-sds.nl!**
Dit kear mei help fan de nije 'Technysk Direkteur fan SDS, Jaap Toering.

Wierd Hofstra (The Hoff) as David Hasselhoff (The Knight Rider, Baywatch):



Stan Korbach as Shawn Mendes (sjonger):



Gert-Jan Hiemstra as David Jensen (keeper fan FC Utrecht):

Hite nútsjes

By SDS binne se drok dwaande om in nij 3e te meitsjen mei wat 35plussers en sa? Ek wat foar dy?
Dat liket net sa gek. Wa wit is it wat.
Mar der sil in goed bod op tafel komme moatte en mei-spilers mei spesjale kwaliteiten oanheakje moatte om my oer de brêge te heljen.

Jaap Toering is de nije Technysk Direkteur by SDS wurden. Wat fynst dêr fan?
Wa sieten der yn de sollisitaasje kommisje?
Mar even sûnder gekheid. Goeie kar.
Jaap seit sa no en dan best wolris wat ferstannichs oer fuotbal en oer fuotballers.
Al hat er ek wolris wat tsjingas nedich want hy hat net altyd gelyk. Mar goed, dat sil der grif genôch komme. Sukses Jaap!

“Wat budzjet oangiet sil der it tichste by van Geel yn’e buurt komme”

Fan welke technysk direkteur hat hy it meast? Wurdt hy miskien wol de Van Geel fan SDS, Marcel Brands of wurdt it Jaap ‘netto’?
Wat budzjet oangiet sil er it tichste by van Geel yn’e buurt komme tink.
Dy bêste man hat yn fergelyk by dy oaren mar in habbekrats om ut te jaan.
It soe moai wêze dat Jaap op syn earste dei begjint mei in gedicht sa as Louis van Gaal dat by Ajax die, kin er fuort syn stimpel drukke en syn ‘gewicht’ jilde litte.
Foar sa’n happening kom ik graach wer ris yn de kantine.

Hasto ek sa genoaten fan Ajax?
Poeh! Wat in geweldich moai spektakel. Alles dat fuotbal sa moai makket siet der yn. In legendaryske jûn dy’t we nea wer ferjitte sille.

Wat do?
Ik haw earst genoten fan de oefenderby SDS 1 – vv Oosterlittens 1 en dêrnei wie Ajax ek wol aardich ynderdaad…..

Bisto ek sa wiis mei dy nije direkteur fan sc Heerenveen?
Dat moat noch blyken dwaan….De berjochtjouwing oer it ferrin fan syn oanstelling, alle oare bagger ensfuoarthinne ha my noch tefolle yn de besnijing om in konkreet en dudlik byld fan dizze man te hawwen. Op de thusside fan SC Hearrenfean stiet in petear mei him, wêr yn’t er gjin wurd Spaansk sprekt, mar om him hinne ‘kraait het oproer’. Der wurdt tefolle mei de parse praat yn

stee fan mei elkoar. En it sil der hjoedtedei wol by hearre, mar al dy negatyfe berjochtjouwing oer SCH docht my gjin goed.

Hoe sjochsto der eins tsjinoan?

Lykas dy stoor ik my enoarm oan de bulten negative berjochtjouwing rûn SC Hearrenfean. Fansels is der fan alles oan de hân, mar wurde der ek fan miggen oaljefanten makke. De klup liket foaral ta oan rêst.

Wat fynsto eins fan de VAR?

Tsja, foar't er der wie koe er der net gau genôch wêze en no is der safolle diskusje dat in soad minsken em warskynlik graach wer ôfskaffe.
It liket somtiden dat de hiele wrâld it oars sjocht as de VAR en dat is grif net de bedoeling. Der hinget, wat my oangiet noch tefolle fan de eigen miening fan de VAR ôf yn stee fan dat de rigels ta past wurde. De fraach is dan oft it fuotbal der dan echt earliker op wurdt. Mar goed, by it hockey wie it grif ek net allinne hosanna by de ynfiering en no witte se net better mear en heart it der by en wurdt it akseptearre.

Moatte wy lykas by it hockey hawwe dat je maksimaal twa kear per helte freegje kinne om in 'VAR-momint'? En as je it de earste kear mis hawwe dan ferfalt de twadde kear.

Miskien is dat wat, it spul moat yn elts gefal net al te faak stil komme te lizzen.

Fynsto it ek sa sneu foar Xess-Xava?

Ik ha wolris kontakt mei syn mem fia Insta en ik kin dy wol fertelle dat dy jonge neat te koart komt. De iene dei sit er yn de sânbak en de oare dei leit er yn it swimbad en even letter stiet er op in fuotbalfjild en dat dan yn trije ferskate lannen/wrâlddielen. It kin net op. Mar in skieding fan dyn âlders is fansels al even oare koek en dat is fansels tige sneu foar it mantsje.

"Ik haw wolris kontakt mei syn mem fia Insta"

Wa soe Yolanthe no op de korrel hawwe? Frenkie de Jong of dochs Matthijs de Ligt?

Miskien soe in libben út de skynwerpers ek wol wat foar har wêze. Yn dat gefal ha ik noch wol in kandidaat.

Oer froulju sprutsen, sit it frouljusfuotbal yn in dip no't de 'Leeuwinnen' kânsleas 11e wurden binne op de Algarve cup dy't se foarrich jier noch wûnen?

Neffens my hat it de froulju by SDS just in boost jûn, want sy stean boppe-oan. Mar wat seit sa 'n Algarve-Cup eins ek? Oerdei in bytsje op it strân lizze mei in gleske wyn en wat hite nútsjes en dan jûns efkes in wedstrydsje foar in oefentoernoai balje. Leve de Algarve Cup!!

SDS-Klean

Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside **www.vv-sds.nl** en druk op:

Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: **oars €33,- no €15,-(sjoch side 29)**
SDS-rugzak: €31,-
SDS-trainingspak: €42,-
SDS-trainingsbroek: €25,-
SDS-trainingsbroek kort: €18,50
SDS-sweater: €25,-
SDS-midjack: €47,50
SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50
SDS-polo: €21,-
SDS-hooded sweater €32,-
SDS-hooded damesvest €32,-
Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde.
Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:
Douwe Dirk Reitsma (332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie.
Hjir kin efentueel ek past wurde.

SDS-sjaals

Der binne ek SDS-sjaals te krijen.
Sy koste €12,- en binne sneons te krijen yn de bestjoerskeamer en by Douwe-Dirk Reitsma:
Tel: 332500
of mail nei
douweenjetreitsma@hetnet.nl

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: **Zenn Hoitenga**	
Namme	Zenn Hoitenga
Berne	20 augustus 2010
Yn Wommels, Easterein as....	Wommels
Skoalle	It Funemint
By SDS sûnt	2015
Team	JO10-1
Gjin fuotbal, dan...	Keatse of bûten boartsje mei freontsjes
Favorite klup Nederlân	Sc Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Bayern München (Robben, Lewandowski en Neuer bin myn favoriten)
Beste trainer	Myn heit by de JO10-1
Beste fuotballer yn Nederlân	Van Persie
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Messi
Favorite fuotballer SDS	Habtamu de Hoop
Beste keeper	De Gea
Favorite posysje	Yn de spits
Sterkste punt	Goed skot
Swakste punt	Somtiden ferdedigje
Moaiste stadion	Juventus

Idoal	Youtuber Royalistiq
Hichtepunt	Myn nije fuotbalboek en plaatsjes fan Ronaldo en Messi
Djiptepunt	Gjin
Moaiste goal	Zeneli ûnderkant latte tsjin Feyenoord
Skoudertriuw as tackel?	-
Boas om	Wit ik sa net
Flinters yn de búk fan	Neeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeeee
Tillevysje	Scooby Doooooooooooooooo
Muzyk	Frenna
Lekkerste iten	Kipnuggets
Minst lekkere iten	Sprútsjes en pizza
Bakje patat of broadsje sûn?	Patat jonguh!
Drinken	Taksi
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Bûten boartsje
Favorite game	Free Fire en FIFA
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Yn de loft springe en in fûst meitsje
Kampioen Earedivyzje 2018/2019	PSV
Cambuur of SC Heerenveen?	Sc Heerenveen
Moaiste sjurt	Utsjurt Real Madrid 2018-2019
Lelijkste sjurt	Utsjurt ADO 2018-2019
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers! Dy korrels fan it keunstgers fyn ik neat
At ik letter grut bin dan....	Bin ik tink ik proffuotballer

Kees'Kollum; Pyt, Willem & Ajax

Pyt de Jong hat my ea wolris frege of ik by de opslach al wist wer ik de bal soe bringe. Ik sei fan net, naam in oanloop en seach wer de keatsbal bedarre (meastal mei in boogje efteryn).
Oardel wike lyn wienen der prachtige beelden te sjen fan Van Hanegem as fuotballer dy't no 75 jier wurden wie. Ik moast tinke oan it sterkste fuotbalferhaal dat ik my heuge kin en dat is dat Van Hanegem yn syn lêste jierren net goed seach en foaral spile op syn gehoar. Je kinne my hiel wat wiis meitsje en ik leau best dat De Kromme in fin mear hie as in bears, mar dit gie my te fier. Te betinken dat Willem yn in folle Kuip hearre koe wer as hy him befûn ten opzichte fan de bal en alle tsjinstanners en steeds de júste keuze makke, woe ik net oannimme fan in man dy seit nog nea syn hier ferfe te hawwen.
Hie Willem it oer in gemiddelde sneonemiddei op de Skoalleseize hân, dan hie it oars west. In faag, krakend deuntsje dat liket op 'The eye of the tiger' wekt de suggestje dat de wedstrijd hast begjinne sil. De fluit fan de skeids is krekt as oeral like fel en dan is de wedstriid los. As ien fan de gebroeders Haitsma de bal efteryn krijt, folget in hurde knal, soeset de bal oer Willem syn holle en begjint it hiele team nei foaren te drafen. Dat drafen stoppet al gau en wat folget is in lûd kommintaar fan deselde ferdediger dat 'de spitsen de bal net beet hâlde kinne' . De reaktsje fan de spitsen is dat de bal foaral oer de grûn komme moat. Dit ritueel herhellet him meardere kearen, soms ôfwisselt troch in hevig wapperjend flagsignaal fan de grensrjochter fan de tsjinpartij. Fan it thúspublyk begrypt Willem dat deselde grens der net folle ferstân fan hat. De klokt slagget in pear kear, de man fan de wedstrijd wurdt ferkondigt troch dhr. Bruinsma en al snel ferheugt Willem him op it getik fan it draaiend rad.
De oanloop fan dizze kollum wizige sich op tiisdeitejûn doe't de bastognekoekjes op wienen die't altiten serveard wurde bij de jierfergadering fan de Kaatsclub Amsterdam. Foarsitter Lolke hie us ferteld wat der op it programma stie foar de FBA (itselfde as ferline jier) en wat der besprutsen wurde soe by de KNKB. We keuvelden oer de fisy op it keatsen en konstateerden dat we as feriening lêst krije fan de ekonomyske groei yn Amsterdam. Amsterdam is booming en us fjildsje oan de râne fan de stêd wurdt drokker beset. Der sit in bootcamp-club neist ús en der komt in ultimate frisbee toernooi. We hawwe gjin eerste keus mear wat de datum foar us wedstriid betreft.
' We fersinne wol wat' seit us pragmatyske foarsitter en joue us del yn de kantine fan de Surinaamse fuotbalclub. Sij oan de roti mei rum-cola, wij oan de Heineken mei pinda's. Nei sân minuten is it iis al aardich brutsen, 90 minuten letter geane we mei syn allen joviaal de kantine ut. Op de strjitte steane foar de kafe's oeral minsken te sjongen of uit te puffen. It ferhaal fan Willem bin ik helemaal kwyt. It is alsof Ajax krekt sa goed is as yn Willem syn tiid en doe't Pyt de Jong nog foar bêst opsloech. (KA)

SDP!

“Tredde krystdei” sitte we nei in pear drege dagen, wy hawwe de gryp hân, dochs oan in wyntsje en in bierke. Beide binne ferdjipt yn it lêzen fan in sportblêd. Myn wederhelte yn de VI en iksels yn Keats. Mei wille lêz ik de colum fan Janny van der Meer. Mar ek it stikje fan Allard Hoekstra, pc kening fan 2018. Syn stikje rekket my. Werom?
Foar it earst yn jieren wie ik dit jier wer ris op de PC. Mei in kollega en twa eks-kollega’s sieten we op in gadelik plakje, efter de opslach. We hawwe moaie en minder moaie partijen sjoen, mar de finale wie ien út it boekje: in “erfaren” partoer tsjin in wat minder bekind partoer, siz mar de underdog. Mar dit partoer mei Allard Hoekstra liet sjen dat je net supergoed hoeche te keatsen, mar dat je mei wille fier komme kinne. Hiel fier! Hja wûnen de PC!
SDS wurd sa stadichoan ek in bytsje myn klubke. Mar de wille om te fuotbaljen mis ik sa no en dan wol. D’r wurd betiiden goed op elkoar foetere. Soe dat in stimulans weze om it better te dwaan? As krij je it smoar yn? Ik kin my wol fyne yn de wurden fan Allard: as ik in bal net goed keer, dan hoeche se dat net te sizzen. Dat sjoch ik sels ek wol. Sels lieders kinne d’r somtiiden wat mei.In lieder dy’t tsjin ien fan syn pupillen sei : Kom op, man, door voetballen. Het is geen mietjevoetbal! Ik stie mei de mûle wage wiid iepen. JO13. Wer moat dat hinne?
Gelokkich falt it wol in bytsje ta mei SDS, mar we moatte der wol foar soargje dat de wille bliuwt by sawol de jonges en famkes as by de folwoeksenen. Lit elts op syn eigen niveau balje, sadat de wille foar de sport bliuwt. En dan wurde je fansels wolris kampioen; krekt sa as Allard!
S.D.P.? Sterk Door Plezier!

Slút je oan by GEKE en stypje SDS

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:
Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,– per jier.
Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.
Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: **info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!**

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (http://www.geke-easterein.nl/) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY KOÖPERAASJE EASTEREIN

VanOns

In fruitmandsje bringe by Lysanne Wiersma

Lysanne Wiersma fuotballet by SDS Vr.1, mar hat al in skoftke lêst fan de knibbel en kin net fuotbalje. Wat is der presys oan de hân en kin sy gau wer fuotbalje?

Wêr hast presys lêst fan?
Ik haw lest fan myn knibbel. Der sit in skuor yn myn krúsbân, in skuor yn myn knibbelbân en it kraakbeen tusken myn knibbel en skeenbeen is stikken.

Hoe hast dat sa krigen?
Ferline jier mei de bekerwedstriid tsjin Ternaard haw ik myn linkerknibbel foar de 1e keer ferdraaid. Ik haw toen fysiotherapie hân en toen gong it wer de goeie kant op. Begjin dit seizoen bin ik wer fuotbaljen gien. Yn de wedstriid tsjin WPB ferdaaide ik myn knibbel foar de 2e keer. Dernei wie de knibbel echt helemaal stikken.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?
Yn de wedstriid tsjin WPB fernaam ik it lyk. Myn knibbel hat doe 2 keer kreake op it momint dat ik foel. Ik koe dernei der ek net op stean. Ik haw doe in wike op krukken rûn en hie de wike dernei in MRI-scan.

Hoe giet it mei dyn herstel?
Ik bin 4 maart opereerd oan myn knibbel. Ik he toen in nije krúsbân kriegen. De operatie gong goed mar moest wol 2 dagen yn it siikenhus bliuwe omdat ik te folle pine hie en hieltiten beroerd waard. Myn revalidaasje duorret 9 moannen en ik rin no 6 wiken op krukken. Myn knibbelbân moat út himsels wer herstelle.

Moast dan ek nei de fysio of sa?
Op it moment fan skriuwen lis ik yn it sikenhus. Ik haw hjir earst fysio om wer rinnen te leren. Asen as ik út it sikenhûs kom wurd ik fierder behannele troch de fysio.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?
It fuotbalje sels mis ik fansels it allermeast. Ik bin der wol elke wedstriid by om te sjen. Soms is it ek wol frustrerend omdat ik der dan ek graach yn wol, mar helaas. No soargje ik foar it selskip op de bank en skriuw ik de ferslachjes fan de wedstriden.

Tinkst dasto ea wer fuotbalje kinst?
Ik hoop nei de winterstop yn 2020 wer te fuotbalje. Eerst mar in goed herstel en dan sjogge jim mij folgend jier wer op it fuotbalfjild!
Lysanne, in protte sukses mei dyn herstel!
Wy hoopje dy snel wer op it fjild te sjen!

De fjirde man

Beste KNVB,

Zaterdag is een mooie dag. Als grensrechter pak ik mijn tas in, ga naar de wedstrijdbespreking en reis met de jongens naar de tegenstander. Op het sportpark aangekomen zoek ik de bestuurskamer van de thuisclub op, om vanuit mijn bestuurdersrol, kennis te maken met de bestuursleden van de betreffende club. Om te netwerken, ideeën op te doen en gezamenlijke uitdagingen, zoals het zoeken van vrijwilligers, te bespreken. Hier tref ik ook de scheidsrechter van die dag. Van hem hoor ik hoe laat hij ons wil instrueren.

Na de warming-up is dat moment gekomen. Ik loop naar de scheidsrechterbox en wacht zijn praatje af. Voor een ervaren grensrechter met KNVB scheidsrechterdiploma, is dit best even doorbijten. De praatjes zijn consequent en dus elke week vrijwel identiek. Je maakt afspraken over buitenspel, posities bij vrije trappen en hoekschoppen. Nogal eens volgt dan de uitspraak: ‘Jongens, (overigens is de enige ‘jongen’ meestal de scheidsrechter zelf, want de gemiddelde leeftijd van de grensrechters is echt boven de vijftig in de gezellige derde klasse zaterdag) we doen het met elkaar, jullie zijn mijn assistenten.’ Om dan vervolgens allemaal overtredingen op te noemen waar we, ook al zien we ze duidelijk, niet voor hoeven te vlaggen. Met als verklaring dat we clubgrensrechters zijn en daardoor in de gelegenheid om onze eigen club te bevoorrechten. Het verhaaltje eindigt steevast met een onwennige bovenhandse handdruk, modern, maar iets wat niet helemaal bij onze leeftijdscategorie past. Gelukkig voelen we ons jong, dus we passen ons aan. Dan lopen we met elkaar vol trots richting veld, de pupil van de week voorop. Ik neem mijn positie in op de lijn van de laatste man. Ik mag twee keer vlaggen in de eerste helft. Eén keer kwam aanvaller terug uit buitenspelpositie, bij de andere stond de aanvaller een meter achter de laatste man op moment van spelen. De eerste situatie is voor het publiek altijd lastig en ook voor veel spelers trouwens, waarvan de meesten nog nooit een spelregeltoets hebben gedaan. Dus geschreeuw en gejoel van het publiek en van de spelers. De tweede keer was de speler kansrijk, maar ja dat is logisch in buitenspelpositie en dus weer gejoel en geschreeuw, maar de scheidsrechter ging mee met mijn signaal.
Toch voel je op zo’n moment dat het tij zal keren. En dat gebeurde in de tweede helft. Een duidelijke buitenspelpositie, later beaamt door de supporters van de thuisclub achter me. Ik vlag, scheids laat doorspelen en er valt, natuurlijk, een doelpunt. Ik roep om de scheidsrechter op mijn vlag te attenderen, maar hij reageert niet. Keurt me geen blik waardig. Dan begint er toch iets te kriebelen, zeker omdat hij op een positie stond waar vandaan je

buitenspel niet goed kunt beoordelen. We verliezen terecht. Na afloop ga ik naar de scheidsrechter en ik voel dat mijn irritatie toeneemt. Ik vraag hem waarom hij niet even bij mij kwam na de buitenspelsituatie. Zijn antwoord: ‘in de eerste helft waren er twee discutabele buitenspelsituaties, dus liet ik nu doorspelen.’ Toen knapte mijn irritatie.. Ik gaf aan dat ik dat een enorm buitencategorie belachelijk antwoord vond, schold niet, maar verhief mijn stem achteraf gezien (hoe belangrijk is het eigenlijk..) te veel. Ik liep naar de box, bood mijn excuses aan de scheidsrechter en we dronken in de bestuurskamer een biertje. Hier gaf hij aan dat hij fout zat, waarna we nog een biertje dronken. ’s Avonds thuis kwam ik niet los van de situatie. De scheidsrechter had iets geraakt bij mij. De bevestiging dat clubgrensrechters eigenlijk totaal overbodig zijn. Clubgrensrechters worden niet serieus genomen. Ik heb twitter er op nagekeken met de zoekterm *grensrechter* en daar werd mijn vermoeden bevestigd. Er worden nogal wat berichten verstuurd op zaterdagmiddag met als onderwerp slecht of onterecht vlaggende grensrechters. De tegenstander, meestal zowel spelers als publiek, nemen je niet serieus. Elke beslissing die je tegen hen neemt is per definitie fout. Je eigen spelers nemen je amper serieus als je niet vlagt voor een situatie. De KNVB neemt je niet serieus door scheidsrechters te instrueren dat ze bij een overtreding alleen op eigen waarneming mogen fluiten en de grensrechters moeten negeren. In dit specifieke geval liet de scheidsrechter mij staan op in zijn ogen twee discutabele vlagsignalen in de eerste helft.. niet te bevatten. Ik overweeg serieus om de vlag aan de wilgen te hangen. Niet de schuld van die man hoor. Maar voor ik een geel hesje aantrek langs de lijn wil ik iets anders proberen. Ik nodig hierbij de KNVB uit om voor alle grensrechters uit de noordelijke derde klasse A bij ons op de club een bijeenkomst te organiseren. Kom eens met ons brainstormen hoe de clubgrensrechter weer serieus genomen kan worden. Wij verzorgen de catering.

Enkele ideeën:
-Alsnog spelregelbewijs verplicht stellen voor zowel spelers als grensrechters van eerste elftallen die dit niet in de jeugd behaald hebben
-Clubgrensrechters afschaffen
-Clubgrensrechters weerbaarder maken voor feedback

Kortom: Welkom! Ik hoop dat u op mijn uitnodiging ingaat.

Met vriendelijke groet,

Tjerk van der Pol, grensrechter vv SDS 1

Foarsitter jeugd vv SDS

Beste heer van der Pol, beste Tjerk,

Allereerst wil ik je bedanken voor het delen van je ervaring van afgelopen zaterdag.
De mail is op een keurige wijze geschreven, waarbij het begrip richting de scheids (uitgezonderd de reactie die in emotie werd geuit) duidelijk aanwezig is. Vaak zien we een heel ander soort mail die met frustratie omkleedt is en direct een klacht naar de betreffende scheidsrechter oplevert. Dat de mail juist bedoelt is om mee te denken, ervaringen uit te wisselen en wellicht stappen te zetten in een andere manier om de rol van grensrechter in te vullen, is voor mij nieuw.
Clubgrensrechters zijn puntenpakkers is de algemene stelling. Dat leeft bij verenigingen en is met enige regelmaat ook onderwerp van discussie voor-tijdens en na de wedstrijd. Ook KNVB-scheidsrechters, maar ook verenigingsscheidsrechters zijn bekend met dit 'fenomeen'. Eén van de oorzaken waardoor de sfeer grimmiger wordt en soms zelfs ontspoort is het functioneren van de grensrechter. En ja, dan moeten 'de goeien' het met de kwaden ontgelden.
Het toeval wil dat wij de afgelopen weken in het district ons oor te luister hebben gelegd bij verenigingen om eens te horen waar, met name de verenigingen, tegen aan lopen. Oké, het ging om de B-categorie, maar datgene wat er in de B-categorie leeft is ook een spiegel van de A-categorie. Jammer dat SDS hierbij niet aanwezig kon zijn.
Eén suggestie tijdens deze bijeenkomst was om de grensrechter te laten vervallen. Dit was echt één van de voornaamste verzoeken vanuit de vereniging en geeft aan hoe dit leeft. Ik kom veel in het buitenland en zie dat daar de rol van grensrechter heel anders wordt ingevuld. Hij/zij is iemand die alleen maar t.h.v. de middenlijn staat en vanuit die positie aangeeft of de bal de zijlijn heeft gepasseerd. Niets meer, niets minder. De scheidsrechter is degene die de buitenspel beoordeelt en het respect dat hij in dit soort wedstrijden heeft is niet te vergelijken met het respect dat 'onze' scheidsrechters ontvangen.
Dus ja, ik ga met je mee om hier eens van gedachten over te wisselen. Alleen zal ik mijn mening niet bij de verenigingen uiten, maar juist intern bij de KNVB. Dat dit niet 1, 2, 3 is geregeld is een zekerheid, maar weet dat het fenomeen onze aandacht heeft.

Met vriendelijke groet,
Adriaan Inia
Medewerker organisatie arbitrage Noord en Oost

It ljocht op in sponser; Staantribune

Sûnt ferline wike stiet der in nij reklameboerd by it fjild fan SDS. It is in sponserboerd fan it fuotbalblêd Staantribune. Staantribune is it fuotbalblêd oer fuotbalkultuur en wier de muoite wurdich om te lêzen. As je ris in nûmer probearje wolle dan kinne je terjochte yn de bestjoerskeamer fan SDS. Dêr lizze in hiele bult eksemplaren en meie je wolris in nûmer probearje om thús troch te lêzen. De webside fan Staantribune is ek wier de muoite wurdich om ris te besykjen: **https://staantribune.nl**



SDS-tas foar mar €15,-!

Yn gearwurking mei MUTA-Sport kin SDS wat SDS-tassen oanbiede foar in tige skaplijke priis. Normaal koste dizze tassen €33,-, mar no hawwe wy noch 13 tassen **foar mar €15,-.** De tassen hawwe in spesjaal fak foar de fuotbalskuon en binne nûmere. De nûmers 58 oant en mei 70 binne noch beskikber. Wolle je ek sa ’n tas hawwe, mail dan efkes nei **info@vv-sds.nl**.
De tassen binne op foarried en lizze dus klear.

Ut de âlde doaze

Earst fynt Lolke Hofstra in foto yn in la dy't er net allle dagen trochnoasket , wit net wêrom hij dy foto hat, hij kin se net allegear mear op de foto en dan is dêr fansels Durk Okkema. Hij tinkt in E1 team yn it seizoen 1979-1980 (wêr is de tiid bleaun) en hij wit alle nammen noch. Trainer wie Freddy Scheltema en lieder wie Rients Smit.

Steand: Rients Smit, Theo Bergstra, Friso Albada, René Reinsma, Leo Smit, Auke Hiemstra, Marco Haagsma, Freddy Scheltema ; Foaroan: Jimmy Andela, Hessel Bootsma, Jan Bas de Boer, Arno Eisma, Jan Zijlstra en Durk Okkema

Ek út 1980 komt it ûndersteande stikje. Je soene it hast ferjitte, mar SDS hat ek noch in skofke yn Winsum fuotballe fanwege renovaasje fjilden

SDS-NOK 3-2

In Winsum, het huidige domicilie van SDS, was het een iet wat vreemde gang van zaken. Na dat Piet de Jong voor 1-0 had gezorgd heulden de backs Wiebe Dijkstra en A. Boersma met de vijand door tweemaal de eigen doelman te passeren. Deze 1-2 stand werd vlak voor rust gladgestreken door Benny Okken ga. Halverwege de tweede helft kon SDS het overwicht ondersteunen door een derde treffer die opnieuw op naam van Piet de Jong kwam. In het door arbiter Hofstra niet sterk geleide duel knalde Durk Ypma nogmaals op de NOK-paal.

Doelpuntenmakkers 2018-2019

Oant 9 maart 133 doelpunten foar de 5 SDS seniorenteams. 128 sels makke en 5 kado troch in e.deetje. Jelmer tarret al moannen op syn earste produktive wiken bij SDS 4 mar hij wurdt no op de hûd sitten troch 3 froulju fan SDS VR1. It is in kwesty fan 3 wiken dan freze wij dat Jelmer syn earste plakje ferliest. Of hij moat it fizyr ek wer goed stean ha. Neist dizze 18 man/frou binne der ek noch 8 talinten dy't 2 kear skoard hawwe en mar leafst 15 dy't ien kear it net fûnen. De bijdrage fan SDS 2 oan dizze list kin wol wat grutter. Sij skoarden mar 14 kear yn dizze kompetysje. De folsleine list stiet op de webside

	1	2	3	4	VR1	
Jelmer Posthumus				12		12
Jeska Terpstra					9	9
Seriette Strikwerda					8	8
Hester Kingma					8	8
Dirk Yde Sjaarda			5	2		7
Johan Postma				6		6
Femke Terpstra					6	6
Lourens van der Pol	5					5
Henk Postma			4	1		5
Pieter Kamstra			5			5
Robert Sijbesma			5			5
Habtamu de Hoop	4					4
Arjen Los		4				4
Tjipke Okkema			4			4
ed tsjinstanner SDS 4				4		4
Kirsten Hiemstra					4	4
Marco Rijpkema	3					3
Jildert van der Werf			2	1		3

Team	1	2	3	4	VR1
Totaal	21	14	32	31	35

Mei de bus nei Willemsoord 1 – SDS 1 op 20 april

De wedstriid tusken Willemsoord 1 en SDS 1 wurdt spile op sneon 20 april. Dit like ús no krekt sa ’n potsje om mei syn allen yn de bus der hinne. Alle oare senioarenteams binne frij, dus der kinne hiel wat mei. Wolle jo ek mei yn de bus lit it ús dan efkes witte fia **info@vv-sds.nl** of lit it Willem Wijnia efkes witte.
Foar supporters kostet it mar **€5,-**
Dit is foar in retourke fansels!
Hooplik sitte de 3 punten der by yn!

SDS op ‘Kom nei Wommels’ op snein 26 maaie

Op snein 26 maaie stiet yn Wommels it jierlijkse ‘Kom nei Wommels’ op it programma. SDS is hjir ek fan de partij mei in soartefan fuotbalmuorre. Doarpsbelang Wommels hat der foar soarge dat dizze spesjale fuotbalmuorre op snein 26 maaie op de Terp stiet. It giet namelijk om in saneamde ‘Sutu-voetbalmuur’. It âlderwetse muorkefuotbaljen wurdt hjirby kombinere mei it hjoeddeistige digitale tiidperk. It is in digitale fuotbalmuorre wêr ‘t je allerhande ferkillende spultsjes mei dwaan kinne. Robert Schildkamp sil tegeare mei wat spilers út de JO17 fan SDS sjen hoe of dit op snein 26 maaie foarm jûn wurde kin. Fansels is elkenien wolkom om de fuotbalmuorre efkes te probearjen en mei te spyljen. Der binne fêst aardige spultsjes mei te dwaan. Hâld de SDS-side yn de gaten foar as je je efentueel opjaan kinne. Kom yn elts gefal 26 maaie nei de Terp, sadat je meidwaan kinne.
Sjoch foar mear ynformaasje op **www.yalp.nl/sutu**



Aginda

Wannear?	Wat ?
9-maart	SDS 1 – Oudehaske 1
16-maart	Scharnegoutum 1 – SDS 1
23-maart	SDS 1 – Heeg 1
30-maart	SDS 1 – Workum 1
6-april	Berlikum 1 – SDS 1
13-april	SDS 1 – NOK 1
20-april	Mei de bus nei Willemsoord 1 – SDS 1. Jou dy no op!
27-april	Beker/ynhel (Keningsdei)
4-maaie	Beker/ynhel
11-maaie	SDS 1 – Heerenveense Boys 1
15-maaie	Skoallefuotbaltoernoai
18-maaie	SDS 1 – DWP 1
24-maaie	Slotdei SDS/Nijland-jeugd
25-maaie	De Wâlde 1 – SDS 1 (lêste kompetysjewedstriid)
25-maaie	Slotfeest SDS mei muzyk fan Sjouke van Kammen en in barbecue voor alle SDS'ers. De barbecue is fergees foar SDS-frijwilligers.
26-maaie	Kom nei Wommels
1-juny	Champions-League-finale

Oan-ôfmelde foar seizoen 2019-2020

Oanmelde

Foar it nije sizoen kinne wy noch wol wat nije leden brûke om wer mei 5 herensenioarenteams los te kinnen, mar ek by de jeugd, de froulju en yn de seal kinne wy wol wat leden brûke.
Nije leden kinne harren opjaan fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **"oan-/ôfmelde"**.
Dit stiet ûnderoan de webside.

Ôfmelde:

Under de kop **"oan-/ôfmelde"** stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle
Allinich op dizze wize kinne je ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa.)
Foar it nije seizoen moatte je je **ôfmelde foar 1 maaie!**
By te let ôfmelden moat der noch foar in heal seizoen betelle wurde.
Dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

It bestjoer